



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Besprek: Kerst Huisman, Tusken Fryske dream en Nederlânske macht [Review of: (2003) Tusken Fryske dream en Nederlânske macht]

Hemminga, P.

published in

It Beaken

2003

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Hemminga, P. (2003). Besprek: Kerst Huisman, Tusken Fryske dream en Nederlânske macht [Review of: (2003) Tusken Fryske dream en Nederlânske macht]. *It Beaken*, 65(3/4), 197-202.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

Friese Groene Kruis geïnspireerd door het werk van de Britse medicus Variet-Jones. Dit was echter minder ambitieus en de polsstok zou blijken onvoldoende lang te zijn om er een leefgemeenschap mee op te bouwen'. It is my net klear wêr't 'Dit' nei ferwiisd.

Op side 234 jout Abbo oan dat yn 1915 yn Fryslân op elke 25 km² ien tuberkuloaze-tintsje stie. Om fierders, dochs wat kurieus, fêst te stellen: 'Een fietser passeerde per uur gemiddeld drie tentjes bij een gelijkmatige verdeling over de Friese dorpen en steden'.

Abbo jout fan hast alle persoanen dy't yn it boek neamd wurde, it berte- en stjerjier wer. It efterheljen fan al dy jierren hat grif in hiel kerwei west en is ek net altiten slagge. Sa mist op side 235 bygelyks it stjerjier fan Henriëtte Galema. En op side 313 wurdt wol de berte- mar net de stjerdatum fan Tjitske Stienstra werjûn. Dat is opmerklik, want oer dy beide famyljes besteane wiidweidige genealogyen en Abbo hie dan ek sûnder in soad wurk te dwaan witte kinnen dat Galema yn 1968 en Stienstra yn 1988 stoarn is. Tagelyk smyt soks de fraach op oft it werjaan fan dy jierren yn alle gefallen wol folle doel hat. My tinkt dat ien en oar wol beheind bliuwe kinnen hie ta in stikmannich foar de skiednis fan it ûnderwerp wier relevante persoanen.

Abbo hat har stúdzje aldergeloks foarsjoen fan twa moaie registers op respektivelik persoanen en saken. De gearstalling fan benammen in saakregister is net allinne in hûdfoI wurk, mar ek faak hiel problematysk. Wat wol en wat net en wêr te neamen? In foarbyld dêrfan is it yn it boek faker as ien kear neamde Finseninstituut of -inrjochting. Abbo hat der foar keazen om dy net ûnder Finsen yn it register op te nimmen, mar ûnder 'Tuberculose bevolking lupus Finsenbehandeling'. Dat makket it opsykjen der yn myn eagen net makliker op. De Ljouwerter feriening *Medicorum Vinculum* (û.m. neamd op de siden 188,234,350 en 353) mis ik yn it fierders sa foIsleine saakregister.

Opmerkings oer it saakregister, berte- en stjerjierren, in inkelde wat eigenardige sin of it ûntbrekken fan in teoretyske oanpak, binne perfoarst net ornearre om ûnderstek te dwaan oan myn wurdearring foar dizze mianske stúdzje fan Bartje Abbo-Tilstra. *Om de sînens fan it Fryske folk* is feitlik in moaie stúdzje, dy't rjocht docht oan al dyjingen dy't har ynset hawwe om in ein te meitsjen oan in ferskriklike folkssykte

Piet Hemminga (Fryske Akademy)

Kerst Huisman (2003)

Tusken Fryske dream en Nederlânske macht. Fjirtich jier Fryske Nasjonale Partij. (Ljouwert: FNP, ISBN: 9073554845, yll., 389 s., €20,-).

Ald-sjoernalist en histoarikus Kerst Huisman hat, yn oparbeidzjen mei emearitus-heellearaar en FNP-ster fan de earste oere Tony Feitsma, de skiednis fan fjirtich jier Fryske Nasjonale Partij op papier set. It resultaat is in moai útjûn en kreas fersoarge boek, dat yn alve haadstikken, goed tweintich foto's

en cartoons, inkelde kaartsjes, in grafyk en ta beshit trije registers op respektivelik persoanen, plaknammen en saken en organisaasjes, de skiednis fan de FNP meinimmend, en bytiden sels wol hiel meinimmend, beskriuwt. Feitlik is de partij sels al in jier âlder as de neamde fjirtich jier, sa skriuwt Huisman yn syn ynlieding. Dat is oars suver minder kurieus as it feit dat eksakt hûndert lju, neffens de efter yn it boek opnommen list, op it boek yntekene hawwe.

Yn it Nederlânske partijelânskip is de FNP, fanwegen grûnslach en stribjen, in bysûnder ferskynsel. Dat de skiednis fan dy partij no beskreaun is, makket ien en oar in bytsje minder bysûnder, want oer it bestean fan elke himsels in bytsje respektearjende partij is ûnderwilens wol in histoaryske of sosjaal-wittenskiplike monografy ferskynd. It tal min ofte mear aktuele publikaasjes oer provinsjale (en lokale) öfdielings fan dy partijen is lykwols oant no ta net al te grut. Wol hat de Fryske öfdieling fan de PvdA syn fjirtichjierrich bestean yn 1986 oangrypt om in spesjaal nûmer fan *De Reade Tried* út te jaan (mei û.m. in bydrage fan Kerst Huisman), en ek in inkelde pleatslike öfdieling hat de eigen skiednis fêstlein, mar dêr is dan it measte ek mei sein. Oer de FNP wie oant no ta ek amper skreaun, en wat der skreaun is, is net altiten like bekend. Datjildt bygelyks foar it (Ingelsktalige) wurk fan sawol Janet as Jan Penrose. Huisman hat foar syn studzje wol gebrûk makke fan lanet Penrose har dissertaasje *The mIe of ethnic political activism in the preservation of Frisian ethnicity in the Netherlands* (1989), mar net fan de studzje fan Jan Penrose: *Who are Frisian nationalists?* (1990). Net dat soks sa slim is, want, lykas de auteur yn syn ynlieding sels ek oanjout, *Tusken Fryske dream en Nederlânske macht* is net it definitive boek oer de FNP. Huismans boek is ek net it definitive boek oer de FNP, om't amper omtinken jûn wurdt oan de deistige ynteraksje mei de oare politike partijen dy't op provinsjaal en gemeentlik nivo in rol spylje.

It boek fan Huisman set út ein mei de eftergrûn en (foar-)skiednis fan de FNP om dêmei oer te gean op tema's lykas de doarpeproblematyk, ekonomy en oerheidsfinânsjes, en te besluten mei in haadstik oer it famyljegefoel, de sfear en saken om de partij hinne. Dy opsomming makket fuortendaliks ek dudlik dat de FNP mear is en west hat as allinne in taalpartij, lykas guonlju mooglik wolle. Sûnder dat de lêsbereens fan it boek dêr ûnderstek mei dien wurdt, stjoert de brûkte yndieling de ynhâld net altiten like goed, soms hie in stik krekt likegoed, of sels better op in oar plak kinnen. Sa hie bygelyks it earste stik yn de paragraaf 'Rare beskuldigen' ek wol ûnder 'Eigen befolking ek in plak' past, wylst de opfettings fan haadredakteur Pieter Sijpersma fan 'e *Ljouwerter Krante*, dy't no op de siden 316 e.f. te lêzen binne, better in plakje krije kinnen hienen yn de paragraaf 'Guon fine FNP oerstallich of gefaarlik' (ss. 212-218). De opfettings fan de haadredaksje fan de *Ljouwerter Krante* krije wiidweidich it omtinken fan de eardere *Ljouwerter-redakteur*, mar tagelyk moat sein wurde dat soks fansels ek wol wat yn de reden leit om't de opiny fan respektivelik Eddy Evenhuis, Jaap Noordmans, Rimmer Mulder, Jan Piebenga en Pieter Sijpersma no ienris nei te lêzen is.

Op side 43 fan de studzje stelt de auteur de nijsgjirrige fraach wêrom't de FNP net earder - bygelyks om Kneppelfreed hinne - oprjochte is. Huisman

neamt dêrby de ûnwisse jierren nei de oarloch as earste faktor. Myn fraach is oft dy ûnwisse en nije situaasje net krekt in hiel goede grûnslach foar in nije partij west hie. De skiednis fan de politike partijen yn Nederlân lit dat ek krekt sjen. Sa is de eardere KVP fan 1945, de PvdA fan febrewaris 1946 en de VVD fanjannewaris 1948, nei't de foarrinner fan de lêste, de PvdV yn maart 1946 oprjochte wie. De skiednis lit fierders ek sjen dat dy earste nei-oarlochske jierren krekt hiel fruchtber wienen as it giet om it oprjochtsjen fan allerhanne nije organisaasjes. Ik wiis foar Fryslân bygelyks op it ETIF, it Opbou-orgaan, de Fryske Kultuerried, en ek de regionale omrop. Dat it yn dy jierren net ta it oprjochtsjen fan in FNP kommen is, moat, sa liket my ta, dus in oare reden hawwe as de mooglike ûnwissens fan dy jierren. Ik wol op in twatal punten yn dat ferbân wize. Yn it foarste plak soe ik de teze neame wolle, dat de ferpyldering gjin romte liet foar in regionalistyske net-ferpyldere politike streaming. Mooglik beskikbere Fryske politysy út it beheinde Fryske potinsjeel wienen boppedat al opnommen yn de besteande organisatoaryske en ideologyske struktuer en foarnen dêrmei gjin krêft om de foarstap ta in FNP te nimmen. Soks slút nammers oan by it oanheljen fan G.N. Vissers wurden oer de ûnmooglikens fan in eigen Fryske partij (side 56). Wurdt dy teze trouwens ek net befestige troch de aktuele elektorale resultaten de gemeente, dêr't de FNP troch de jierren hinne wat langer wat grutter wurdt yn krekt dy gemeenten dy't earder noch efterbleaunen fanwegen in fêst konfesjoneel stimgedrach? Yn it oarde plak wol ik op de âldens fan de inisjatyfnimmers wize. Kramer die syn foarstap mei in jeugdich elan dat Folkertsma en oaren allang efter har litten hienen. Dy gappen soms wol wiid, mar ta biten kaam it net. Dêrfoar wie it wachtsjen op in nije generaasje, dy't mooglik al wat preau fan de kulturele feroaring dy't de sechstiger jierren bringe soe. Dat lêste wollykwols noch net sizze dat it oprjochtsjen fan de FNP yn ien en itselde rychje past as bygelyks D66 (earder D'66) en de PPR. Dat binne of wienen dochs echt produkten fan de sechstiger jierren, dy't ûnder mear steane foar wolfeart, ûntpyldering, sekularisearring en ideologyske fernijing. Ik set fierders in fraachteken by de kwalifikaasje, sa't Huisman dy fan de earste jierren nei de oarloch jout. Wienen dy jierren net folle mear tekene troch optimisme en foarutgong as troch ûnwissens? Dy ûnwissens kaam letter, mei as gefolch fan de kâlde oarloch. Boppedat moat de fraach steld wurde foar wa't dy jierren ûnwis wienen. Wie dat bygelyks it gefal foar de jongere generaasjes, of hienen de âldere generaasjes dêr foarallêst fan en wat betsjut soks dan foar it klimaat om in nije politike partij op te rjochtsjen?

Op side 67 hellet Huisman de psychologyske ferklearring oan dy't Tony Feitsma jout foar de âfhâldende hâlding fan de Fryske pommeranten. Dat is ien ferklearring, mar der soe ek wiisd wurde kinne op de - missende - ynstitusjonele aspekten fan in nije partij. Sa'n partij kin, yn alle gefallen yn 't earstoan, net it perspektyf op banen, amten en ynfloed biede dat no ienris eigen is oan de festige bestjoerspartijen. Dy partijen binne boppedat ynbêde yn in hechte ynstitusjonele struktuer fan kollega-bestjoerders en -politysy, amtners, rjochtspraak, adviseurs, ensfh. De missende ynstitusjonele aspekten meitsje it lidmaatskip fan in nije partij der net oantrekliker op en dat is grif

mei in reden dat Iju, dy't net langer aan in tradisjoneel stimgedrach bûn binne, dochs mar foar in besteande partij kieze. It direkte eigen belang wint it dan al gau fan idealen of ideology.

De auteur wiist op side 96 op it effekt fan de ryksplannen om de provinsjes troch gewesten te ferfangen op de ferkiezingsutslach foar de FNP. Spiti-gernôch giet Huisman dêr net fierder op yn, mar hawwe krekt 'eksterne' bedrigings net faker foar goede ferkiezingsresultaten foar de FNP soarge? Is krekt it missen fan sa'n fan bûten kommende faktor net de reden dat de FNP elektoraal teloarstelt? Wie it net de trammelant om de Burgumennar-sintrale hinne, wie it net de gemeentlike weryndieling, wienen it net de plannen ta it opdoeken fan it spoar nei Starum en wienen it net de plannen mei in magneetsweefbaan, dy't de FNP mei de ferkiezings de nedige fertuten dienen? Huisman neamt seIs ynternasjonale ûntjouwings lykas Europeanisearring en globalisearring (side 108) as oarsaak foar de ferkiezingswinst fan de FNP, mar ik wit net oft en hoe't sokke abstraksjes trochwurkje by gemeentlike of provinsjale ferkiezings. Yn it gefal fan de FNP kin de konkluzje yn alle gefallen wêze dat in – troch oaren oanrikt - provinsjaal *issue* mooglik sterker wurket as ideology of programma. Sa'n *issue* is yn it algemien ek fan belang om by provinsjale of gemeentlike ferkiezings allerhanne lanlike belangen elektoraal op ôfstàn te hâlden, dat slagge bygelyks net yn 1978 (side 98). Yn it algemien soe it my fierders gjin nij dwaan as de 'lokalisearring' fan de polityk yn Nederlân, de opkomst fan allerhanne lokale listen en partijen boppe de grutte rivieren, oan de iene kant it klimaat foar de FNP yn 't earstoan better makke hat, en oan de oare kant de konkurrinsje foar de FNP op de kiezersmerk grutter makket.

Huisman neamt op ûnderskate plakken (de konkurrinsje fan de FNP mei) oare politike partijen. Sa leit de skriuwer in ferbân tusken de ferkiezingsutslach foar de FNP en de Boerenpartij (side 83). Dat ferbân kin neffens my slim lein wurde, likemin as de relaasje mei de CPN (side 95). FNP-stimmers komme, sa hat earder ûndersyk sjen litten, foaral út de sosjalistyske en kristen-demokratyske hoeke. Jan Penrose hat it yn syn ûndersyk wol oer 'small left-wing parties', mar dat liket my yn kwantitative sin dochs allegearre te min foar te stellen om de CPN as in konkurrint fan de FNP te sjen. It ferbân mei 'small right-wing parties' konstatearret Penrose suver hielendal net. En hat der in Fré Meis-effekt bûten Grinslân, en oars as op De Lemmer, west?

Yn it haadstik 'It politike spul' neamt Huisman ûnder mear D66 en Leefbaar Nederland. Huisman skriuwt dat sûnt 1974 de anty-Fryskens by in soad leden fan D66 frijwat tanommen is. Sa'n konstatearring freget dochs om in ûnderbouwing. No't dy net jûn wurdt, freegje ik my ôf, oft hjir wol rjocht oan de werklikheid dien wurdt. Huisman hat it trouwens oer de leden fan D66, en frjemd genôch net eksplisyt oer de steatefraksje fan dy partij. Dat liket my suver noch relevanter ta. Dan binne ek fragen nei it stimgedrach, beskate inisjativen of utlittings fan de fraksjeleden fan belang, om sa'n oardiel jaan te kinnen. Mar by myn witten moat it ûndersyk nei it hâlden en dragen fan beskate fraksjes yn de Fryske Steaten noch dien wurde. Ik gean der trouwens mar oan foarby dat it antwurd net hielendallosstiet fan de grif noch net mak-

like útlis dy't oan in kwalifikaasje lykas 'Fryskens' jûn wurdt.

De relaasje tusken FNP en Leefbaar Nederland bliuwt yn it boek oan FNP-kant feitlik beheind ta trije persoanen: broer en suster Van Dijk en de foarsitter fan de FNP. Dat lêste is op himsels al nijsgjirrich, want yn 2001 wienen ommers, mei op grûn fan it oardiel fan de groep-Gerbrandy, de offisjele kontakten krekt op in sêft sin setten. It wurdt my út Huismans boek net dudlik oft it wol om folle mear gien hat as dy trije persoanen dy't wol aspiraasjes hienen om op de wjukken fan Leefbaar Nederland in ympuls oan de eigen politike karriêre te jaan. En as der al mear west hat, hat Leefbaar Nederland dan ek programmatyske ynfloed op de FNP hân? Huismans ferslach fan it hiele wjerfarren jout wol romte by de rûs oan Matty Meester-van Dijk, mar net oan tsjinlûden út de FNP ofhawwe dy der hielendal net west?

Op side 186 wurdt it groeiend en troch 'Den Haach' oanfitere erchtinken foar de stêd Grins oer troch Huisman neamd. Dy konstataarring wurdt yllustrearre mei benammen it Heare-akkoart. Dat akkoart is lykwols fan febrewaris 1989 en kin amper tsjinje om oan te tsjuten dat it om in erchtinken giet dat 'yn de rin fan de jierren tachtich' sterker waard. It is spitich dat de skriuwer yn dat stik oan de gong fan saken mei de Ljouwerter universitêre festiging foarbygien is, om't it dêr al earder om in hurd brekpunt mei Grins gie. En wat te sizzen fan de út Ljouwert ferdwûne (ryks-)tsjinsten en boere-organisaasjes, dy't foar in foarnaam part rjochting de stêd Grins gien wienen? En wat bygelyks te tinken fan de strideraasje oer de Aegon-festiging, dy't yn de twadde helte fan de tachtiger jierren foaral op kosten fan de Grinzer wurkgelegenheid yn Ljouwert realisearre waard? Oft it erchtinken dêr mei oanfitere is, bliuwt lykwols mar de fraach.

Op side 314 wurdt it teloarstellende tal wethâlderssitten yn 2002 neamd en ferklearre troch it feit dat de FNP in oare partij is as oare partijen mei syn Frysk-nasjonale oriïntaasje. Soe dat werklik de reden wêze dat de wethâldersrispinge foar de FNP sa teloarstellend wie? Giet it net folle mear om praktyske en persoanlike as om prinsipiële punten? Is de deistige praktyk mooglik net justjes sterker as de lear? Wurdt dat ek net bewiisd troch de ChristenUnie dy't, oars as de FNP en as it om it tal wethâlders giet, krekt sa goed skoarde nei dyselde ferkiezings?

It boek besluit mei in grienmank fan saken dêr't de FNP by behelle west hat, of dy't yn de partij spile hat. Fan spul oant en mei it famyljegefoel, fan Pinkstermoandeifytsen oant en mei de Eurolympiade. Dy lêste wie oars gjin FNP-saak. Leaver hie ik trouwens in evaluatearjend ôfslutend haadstik sjoen. Dat mist no, lykas in oersjoch fan bestjoerders, steateleden, wethâlders en oare partij-pommeranten en -bodderyn de beskreaune fjirtichjier.

Huisman ferantwurdet gâns saken mei ferwizings nei *De Frijbûtsjer*, it orgaan fan de FNP, en foaral ek de *Ljouwerter Krante*. Beskikbere primêre boarnen wurde lang net altiten brûkt en foar beskate utspraken wurdt hielendal net ferwiisd nei de boarne. Dat lêste is bygelyks spitich op side 318, dêr't sein wurdt dat (CHU-senator en Fryske Akademy-direkteur) mr.dr. Klaas de Vries de trochslachjûn hat by de beneaming fan (CHU-er) mr. Hedzer Rijpstra ta Kommissaris fan de Keninginne yn 1969. Dêr hie ik it hurde bewiis

dochs graach fan sjen wollen. Rijpstra soe fan fierwei de measte Friezen it hert net winne, sa wurdt op side 318 skreaun. Moat dat dan en hoe wit Huisman dat? Foar de beneaming yn dyselde funksje fan Hans Wiegel wurdt op side 320 sein dat saks al fêststie op it momint dat minister fan Binnenlânske Saken Van Thijn op 3 maart 1982 yn it Provinsjehûs kaam (om oer it profyl foar de nije kommissaris) te praten. Dat sil grif sa west hawwe, mar as boarne wurdt in brief fan Tony Feitsma oan Van Thijn neamd, en saks kin min as hurd bewiis kwalifisearre wurde. Op side 142 giet Huisman op de relaasje tusken de CIA en Prins Bernhard yn. Dat liket my al net safolle doel te hawwen as it om de skiednis fan de FNP giet, mar Huisman basearret him dêrby ek noch op it boek fan Philip Dröge: *Beroep: meesterspion: het geheime leven van Prins Bernhard*, Amsterdam 2002. Mei it each op de opset fan dat boek mei al syn ûnderstellings en hypotezen, hie Huisman him dochs op oar en better bewiismateriaal rjochtsje moatten. Mar nochris, de kwestje seIs liket my foar de skiednis fan de FNP net fan belang.

Boppesteande punten en puntsjes nimme net wei dat Huisman in boek skreaun hat, dat net allinne foar FNP-ers nijsgjirrich is, mar foar elk dy't ynteressearre yn ofbelutsen is by de polityk yn Fryslân fan belang is. Wat dat oangiet is it wat spitich dat it noflik lêzende en kreas útjûne boek net by in útjouwer ferskynd is, dat hie de brede beskikberens en 'e fersprieding fan it boek grifte'n goede kommen.

Piet Hemminga

RolfH. Bremmer Jr., Lammert G. Jansma en Piet Visser [red.] (2001) *Speculum Frisicum. Stûdzjes oanbean oan Philippus H. Breuker*. (Ljouwert/Leiden: Fryske Akademy, ISBN: 90-6171-928-3, FA-nû. 928., yll., 450 s., €25,00 (foar leden en stipers FA €23,00)).

As men op de titelside fan dizze bondel stûdzjes it iepen gesicht fan de eare wittenskipper, mei syn ta in laits en tagelyk op priuwen steande mûle, besjocht, dan mei men ferwachtsje dat der in krityske bewurking fan in rom ferskaat oan stûdzjefjilden op jin te wachtsjen leit. Dat lêste mei men ek al ferwachtsje as men de bezichheden fan prof. Philippus Breuker oan no ta in bytsje folge hat. Redakteur Rolf Bremmer hat dy libbensgong foar de lêzer helder ûnder wurden brocht. Ik ferwachtsje dan ek wol in bytsje dat Breuker de stûdzjes net inkeld mei tagedienens lêzen hat, mar ek mei de spanning dy't in promotor by it besjen fan wer in haadstik út in dissertaasje yn opbou yn him opkommen fielt.

It ferskaat oan ûnderwerpen bringt mei dat de keaper/lêzer yn in part fan 'e stûdzjes andert fine kin op fragen dy't al lang by har of him libben, en dat dy him foar in oar part ynliede yn in suver ûnbekend stikje fan 'e wrâld. En sa is it ek: *Speculum Frisicum* makket eagen iepen foar hiel wat kanten fan Frysk libben no en eartiids. Symboal is de ôfbylding fan in skilderij fan Christoffel